

ANTWURDEN: Kursus Frysk: Stavering, tiidwurden, ynterferinsjes

ANTWURDEN LES 1

I. Stavering

Regel: oan it begjin fan in wurd nea v, mar altiten f
oan it begjin fan in wurd nei z, mar altiten s

Foarbylden: fisk, sitte. Foarbylden mei v/z yn 'e midden fan in wurd: drave, lêze.

Regel: in Frysk wurd begjint wol mei sj, fj, mar net mei zj, vj.

Oefening

1. Op it **strân** by de Noard**see** drave **sân** bern de **see** yn.
2. **Se** roppe en raze as **se** in **seefûgel** **sjogge**.
3. Wachtsje, ik moat dizze grize sokken earst noch efkes fuortbringe.
4. De **arsjitekt** fan dit gebou is Abe Bonnema.
5. Yn it **fjild** **fljocht** in **hazze** en **seis** lytse **haskes** huppelje **fleurich** achter him oan.
6. Ik **sis** dochs dat ik dat **swiete** **snoobersguod** net opite wol.
7. **Sy** hat alle brieven juster **lêzen**.
8. Klaske woe net antwurd**zje** op de **fraach** oer dy drege wurd**sjes**.

II. Tiidwurden

- | | | |
|----------|---------|-----------------|
| 1. stapt | stapte | hat stapt |
| 2. bakt | bakte | hat bakt |
| 3. mient | miende | hat miend |
| 4. naai | naaide | haw naaid |
| 5. setst | settest | hast setten/set |
| 6. sylt | sylde | is syld |

- | | | |
|------------|---------|--------------|
| 1. wurkje | wurke | haw wurke |
| 2. ferve | ferve | hat ferve |
| 3. dûnsje | dûnse | haw dûnse |
| 4. hopest | hopest | hast hope |
| 5. ploegje | ploegen | hawwe ploege |

IV. Ynterferinsjes

Ynterferinsjes binne eleminten fan de iene taal dy't brûkt wurde yn in oare taal, mar dy't net yn dy taal thús hearre, bygelyks Nederlânske lûden, wurden, sinskonstruksjes, wurdeleminten yn it Frysk dy't net yn it Fryske taalsysteem thús hearre. Foarbylden: sleutel, skaatsen, ik hoop, fingersje, ik wit net oft er sil komme.

HUSWURK LES 1

Opdracht 1: oersetse

1. Fûgels fleane yn 'e loft.
2. Oer fjouwer of fiif dagen helje ik dy wer op.
3. Ik bin gek op/sljocht op andyvje en spinaazje.
4. Wolsto fideo of tillefyzje sjen?
5. Ik gean mei it fleantúch/ de fleanmasine op fakânsje nei Switserlân.
6. Set de faas mei blommen mar op 'e tafel.
7. Hy fertsjinnet in spjeldsje.
8. Peter wurket yn in garaazje.
9. Ik sil it neisjen op de checklist/ (t)sjeklist
10. Yn dat sjike hotel moatst mei eurosjeks betelje.

Opdracht 2: dagen en tiden

1. Ien, twa, trije, fjouwer, fiif, seis, sân, acht, njoggen, tsien, alve, tolve, trettjin, fjirtjin, fyftjin, sechtjin, santjin, achttjin, noggentjin, tweintich.
100 = hûndert, 1000 = tûzen.
2. Moandei, tiisdei, woansdei, tongersdei, freed, sneon/saterdei, snein.
3. Jannewaris, febrewaris, maart, april, maaie, juny, july, augustus, septimber, oktober, novimber, desimber.
4. Foarbyld: woansdei tritich septimber twalûzenfyftjin.
5. 's morgens, 's middags, 's avonds, 's nachts.
6. De fjouwer tiden fan it jier binne: winter, maitiid, simmer en hjerst.

Opdracht 4: tiidwurden

Notiid	doetiid	mulwurd	Notiid	doetiid	Mulwurd
Ik lear	learde	haw leard	plak	plakte	haw plakt
Do learst	leardest		plakst	plaktest	
Hy leart	learde		plakt	plakte	
Wy leare	learden		plakke	plakten	
Ik wen	wende	bin wend	wenje	wenne	haw wenne
Do wenst	wendest		wennest	wennest	
Hy went	wende		wennet	wenne	
Wy wenne	wenden		wenje	wennen	
Ik rekkenje	rekkenje	haw rekkenje	wachtsje	wachte	haw wachte
Do rekkenest	rekkenest		wachtst	wachtst	
Hy rekkenet	rekkenet		wachtet	wachte	
Wy rekkenje	rekkenen		wachtsje	wachten	

Opdracht 5: tiidwurden

Swakke tiidwurden op –e

Swakke tiidwurden op –je

notiid

ik stam

do stam + st

hy stam + t

wy stam + e

ik haw/bin stam + t /d

doetiid

ik stam + te/de

do stam + test/dest

hy stam + te/de

wy stam + ten/den

notiid

ik stam + je

do stam + est

hy stam + et

wy stam + je

ik haw/bin stam + e

doetiid

ik stam + e

do stam + est

hy stam + e

wy stam + en

Opdracht 6: Ynterferinsjes

Jehannes Ytsma hat de kwaliteit fan it Frysk by skoalbern fan groep 5 en groep 8 ûndersocht. Dêrby hat er 5 fariabelen brûkt.

Syn konklúzje is dat de kwaliteit fan it Frysk net oerhâldt. It Frysk by de skoalbern wurdt dúdlik troch it Nederlânsk beynfloede. De kwaliteit fan it Frysk is by bern fan groep 8 wol wat better as by groep 5.

ANTWURDEN LES 2

I. Stavering: oefening

1. sjo ch	e ag en		
2. sjo ch sto	mi gg en	he g e	om h ee ch
3. plo e get	plo e ch j e		
4. aard i ge	ú tn ú g e		
5. g iele	hi ng et	ka ch el	dro e g j en
6. b ig g e	ba r ch j e		
7. mo o glik	g rouwe	se a g j en	
8. br ê ge	b û g d e	tr o ch	fr a ch t we i n

Oefening

1. quiz	2. chips	3. cello	4. Canadees	5. xylofoon
1. kwotum	2. kwarts	3. sjauffeur	4. go(a)lera	5. S(j)inees/ s(j)ineesk
6. gemy	7. kristen	8. sjef	9. sintrum	10. faks

De regel fan q, ch, c, x: skriuwe sa as de útspraak is.

Yn it Frysk komt de **c** (allinne wol yn 'e kombinaasje ch), **q** en **x** net foar.

De **c**, **q**, en **x** wurde sa skreaun sa't se útsprutsen wurde.

c	> s of k	konsept
q	> kw of k	kwotum, kosjint
x	> ks	ekstra
cc	> ks	aksint

ch >	g	gemy
	k	kristen
	s	sinees
	sj	sjef

HUSWURK LES 2

Opdracht 1: Set oer

1. fleagen miggen
2. kadobon
3. ksylofoan
4. kapusjon
5. kasjêre
6. sjampinjons
7. sjimpansee
8. seaget seachje
9. kwislieder
10. dochst ûnmooglik

Opdracht 2: Folje yn

Tiidwurden bûge, doge, freegje, hoege

Bûge

Ik bûch Ik bûgde
Do bûchst Do bûgdest
Hy bûcht Hy bûgde
Wy bûge Wy bûgden
 Ik ha bûgd

Doge

Ik dooch Ik doogde
Do doochst Do doogdest
Hy doocht Hy doogde
Wy doge Wy doogden
 Ik ha doogd

Freegje

Ik freegje Ik frege
Do fregest Do fregest
Hy freget Hy frege
Wy freegje Wy fregen
 Ik ha frege

Hoege

Ik hoech Ik hoegde
Do hoechst Do hoegdest
Hy hoecht Hy hoegde
Wy hoege Wy hoegden
 Ik ha hoegd

Opdracht 3: It liif en sûnens

Oersetting yn it Frysk

It docht sear
Ik ha pineholle
Ik bin wurch, slûch
It falt ta, ôf
Sykhelje

It giet striemin
It giet poerbêst
De neil fan myn tomme

Oersetting yn it Nederlânsk

Ik heb een gebroken arm
Ik ben helemaal buiten adem.
Mijn moeder is niet fit, voelt zich niet lekker
Hij kan moeilijk ademen
Zij heeft een slecht humeur, is chagrijnig
Toen wij het goede nieuws hoorden, waren wij ontzettend blij, enthousiast
Wimpers
Oksel

Opdracht 4: it, de of neat

- 1 It sinteklazeburd woe him net om **it** kin sitten bliuwe.
- 2 It wie **de** lêste oere sa waarm, dat ik mar yn **it** skaad fan **de** beam sitten gien bin.
- 3 Ik seach **de** knyn dy't útnaaid wie, yn **de** bosk by **de** mar.
- 4 Heit makket earst **it** sop klear en wosk dêrnei **it** slaad by **it** oanrjocht.
- 5 Ik bin fallen en no ha ik lêst fan **it** skouder en **it** boarst.
- 6 Ast dêr by **it** finsterbank stiest, kinst troch **it** rût **it** nije fabryk sjen.
- 7 **De** doarpen Drachten en **It** Hearrenfean binne folle grutter as **De** Jouwer en **De** Gerdyk.
- 8 **It** ankel sit boppe **de** foet.

Opdracht 6: Ynterferinsjes

Lês it stik 'Min en geef Frysk' fan Pieter Breuker.

1. Yn it stik wurde seis ferskillende soarten ynterferinsjes neamd. Hokker binne dat en wat hâlde se yn? Neam fan elk in foarbyld.

1. *Fonologyske ynterferinsjes* (ynterferinsjes yn it lûd) bygelyks: prins moat yn it Frysk útsprutsen wurde as: preeⁿs en net as it Nederlânske: prins.

2. *Morfologyske ynterferinsjes* (ynterferinsjes yn de foarm fan in wurd, bygelyks trochdat de útgong fan in tiidwurd de Nederlânske bûging kriget. Yn it Frysk is it: ik sykje, do kloppest, ik stroffele. Ast no seist: ik syk, do klopst, ik stroffelde, dan brûkst de Nederlânske útgongen. Dat binne morfologyske ynterferinsjes.

3. *Syntaktyske ynterferinsjes* (ynterferinsjes yn de bou fan in sin). Bygelyks ast de Nederlânske tiidwurdsfolchoarder brûkst. Yn it Frysk is it: Ik hoopje dat er gau komme kin, yn it Nederlânsk: Ik hoop dat hij snel kan komen. Ast no seist: Ik hoopje dat er gau kin komme, dan is dat in syntaktyske ynterferinsje.

4. *Leksikale ynterferinsjes* (it Nederlânske wurd wurdt oernommen) bygelyks: moeilik, steeds, skaatsen.

5. *Semantyske ynterferinsjes* (ynterferinsjes yn de betsjutting fan wurden). Yn it Frysk hawwe wy foar it Nederlânske boerderij twa wurden: buorkerij (foar it bedriuw) en pleats (foar it gebou + lân). As wy no buorkerij brûke as wy it gebou bedoele, dan is dat in semantyske ynterferinsje.

6. *Pragmatyske ynterferinsjes* (ynterferinsjes yn it taalgebrûk, mei deselde wurden wurdt yn it Nederlânsk en it Frysk net itselde sein). Bygelyks: Veel heil en zegen is yn it Frysk: folle lok en seine. Folle heil en segen is dus in pragmatyske ynterferinsje. Itselde jildt foar: verboden toegang. Dat is yn it Frysk net: ferbeane tagong, mar; tagong ferbean.

2. Watfoar advys jout Breuker oan minsken dy't yn it ûnderwiis wurkje?

1. Jou de learlingen in goed oersjoch fan de hiele ynterferinsjeproblematyk. It hieltyd wer neamen fan deselde of soartgelikense ynterferinsjes hat net folle doel. Op sa'n wize kriget de learling gjin each foar systematyske beynfloeding fan it Frysk troch it Nederlânsk.

2. Bring de learlingen yn kontakt mei goed en brûkber Frysk, yn 'e hope dat se dêr it ien en oar fan oernimme sille. Brûk as learaar in linich soarte Frysk dat de learlingen oansprekt.

3. Besykje de learlingen sa fier te krijen, dat se op grûn fan in sa breed mooglike oriïntaasje selsstannich ta in taalnoarm komme. It bewust kiezen fan in taalnoarm is helte better as it kritykless oernimmen fan hokker taalnoarm dan ek.

4. Besteegje sa min mooglik aparte lessen oan ynterferinsjes, it effekt kin dan wolris earslings wêze. Gean leaver út fan taalgebrûkssituaasjes. Sa komt de ynterferinsjeproblematyk op in min ofte mear natuerlike en organyske manear oan 'e oarder. It is fan belang om it ûnderwerp geregeldwei op it aljemint te bringen; it sil fan oanhâlden komme moatte.

5. Feroardielje learlingen net fuortendaliks fanwegen it brûken fan ynterferinsjes. Se witte faak net iens dat se it dogge. En betink boppedat, dat net ien fan ús frij fan Nederlânske ynslûpsels is.

ANTWURDEN LES 3

I. Staving

Oefening

Klinkt as y fan wyt	Klinkt as ii fan wiid	Klinkt as ie fan wiet
fyts bline lyts tydskrift july	bewiis tiid healwize	bier stien (hy) die (hy) siet

Oefening

Folje yn: 'oe' of 'û'. Lis by alle wurden út wêrom't dat de goede staveringswize is.

- | | |
|-----------------|-------------------------------------|
| 1. slûch wêze | 6. juster joech er my in presintsje |
| 2. hûnderttûzen | 7. in pûde drop |
| 3. kompjûter | 8. in toernoai |
| 4. oertsjûgje | 9. groepsopdrachten |
| 5. ien oere | 10. in iismûtse |

Oefening

Ferklearje it ferskil yn û/oe staving tusken:

- | | |
|--|--|
| 1. slûch = slaperig | - sloech = de doetiid fan slaan |
| 2. broek = stik klean (broek) | - brûk = ik notiid fan it tiidwurd brûke (gebruiken) |
| 3. dûk = deuk of ik notiid fan dûke (duiken) | - doek = lape stof (doek) |

II. Tiidwurden

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Gean		Jaan	
Ik gean	Ik gie/gong	Ik jou	Ik joech
Do giest	Do giest/gongst	Do joust	Do joechst
Hy giet	Hy gie/gong	Hy jout	Hy joech
Wy geane	Wy giene(n)/gongen	Wy jouwe	Wy joegen
Ik bin gien/gongen		ik ha jûn	
Stean		Slaan	
Ik stean	Ik stie	k slaan/slach	k sloech
Do stiest	Do stiest	Do slachst	Do sloechst
Hy stiet	Hy stie	y slacht	Hy sloech
Wy steane	Wy stiene(n)	Wy slaan/slane	Wy sloegen
Ik ha stien		Ik ha slein	
Dwaan		Sjen	
Ik doch	Ik die	Ik sjoch	Ik seach
Do dochst	Do diest	Do sjochst	Do seachst
Hy docht	Hy die	Hy sjocht	Hy seach
Wy dogge	Wy diene(n)	Wy sjogge	Wy seagen
Ik ha dien		Ik ha sjoen	

IV. Ynterferinsjes

Jou oan oft de folgjende bewearingen wier binne of net wier.

1. De Nederlânske wurden 'minder' en 'minst' wurde beide op deselde manier útsprutsen as de Fryske wurden 'minder' en 'minst'. **Net wier, minder wol mar minst kriget yn it Frysk in noaslûd**
2. De a yn de Fryske wurden 'kast' en 'lampe' wurde op deselde manier útsprutsen. **Net wier, a yn kast wurdt útsprutsen as o**
3. De Fryske wurden foar 'Groningen' en 'grens' wurde' op deselde manier útsprutsen. **Wier, se wurde op deselde wize útsprutsen**
4. De Fryske plaknammen 'Stiens' en 'Wyns' rymje net op inoar. **Wier, se rymje net, want ie yn Stiens is in twalûd en y yn Wyns is in ienlûd.**
5. De Fryske wurden 'hok' en 'drok' rymje op inoar. **Net wier. De o yn hok is in helder –o lûd, de o yn drok is wat doffer.**
6. It Fryske wurd 'prins' wurdt op deselde manier útsprutsen as it Nederlânske wurd 'prins'. **Net wier. Yn it Frysk wurdt prins mei in noaslûd útsprutsen en de i klinkt mear as in ee.**
7. De a yn de Fryske wurden '(do) hast' en 'jas' wurde op deselde manier útsprutsen. **Net wier. De a yn jas wurdt útsprutsen as in o.**
8. De Fryske wurden 'klasse' en 'oplosse' rymje net op inoar. **Net wier, se rymje wol.**

HUSWURK LES 3

Opdracht 1. Tiidwurden. Folje yn:

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Ite		Stride	
Ik yt	Ik iet	Ik striid	Ik stried
Do ytst	Do ietst	Do striidst	Do striedst
Hy yt	Hy iet	Hy striidt	Hy stried
Wy ite	Wy ieten	Wy stride	Wy strieden
	Ik ha iten		Ik ha striden

Lykje		Lige	
Ik lykje	Ik like/liek	Ik liich	Ik liigde
Do likest	Do likest/liekst	Do liichst	Do liigdest
Hy liket	Hy like/liek	Hy liicht	Hy liigde
Wy lykje	Wy liken/lieken	Wy lige	Wy liigden
	Ik ha like		Ik ha liigd.

Opdracht 2. Iten en drinken: oersetse yn it Nederlânsk

ontbijt	brood	rundervlees	aardappelen
toetje	roggebrood	kippenvlees	sla
bestek	eschuit	rookvlees	boontjes, peultjes
kop en schotel	pindakaas	karnemelk	uien
servies	roomboter	chocolademelk	azijn
ketel	hagelslag	slagroom	doppinda's
theepot	vleeswaren		

Opdracht 3: Meartalsfoarmen

kij	jonges	jierren	learlingen	bargen	pakes/paken
skippen	froulju	hannen	skiep	ferslaggen	earmen/earms
lammen	boeken	skuon	dakken	mooglikheden	skoallen
blomkes	bern	dagen	tafels	artikels	ferieningen/s
doarren	fazen	learzens	stuollen	timmerlju	buro's

Opdracht 5. Ynterferinsjes

Lês it stik oer útspraakregels troch en skriuw 5 wichtige ferskillen yn de útspraak tusken Frysk en Nederlânsk op.

In pear ferskillen binne bygelyks:

- ie wurdt yn it Nederlânsk as in koart lûd útsprutsen en yn it Frysk as in twalûd
- g oan it begjin fan in wurd wurdt oars útsprutsen
- n folge troch in s wurdt in noaslûd yn it Frysk: prins sprekst út as preeⁿs
- a foar s, l, d, t, n wurdt yn it Frysk meastal útsprutsen as in o (kat, as, fan, al)
- r foar in s, l, d, t, n en z wurdt net útsprutsen (bern, swart, oars)

ANTWURDEN LES 4

I. STAVERING

Oefening. Set oer yn it Frysk

- | | |
|--|----------------------------------|
| 1. De hond is trouw | De hûn is trou |
| 2. De trouwe hond | De trouwe hûn |
| 3. Een getrouwde vrouw | In troude frou |
| 4. De vrouw trouwt | De frou trout |
| 5. Een flauw licht | In flau ljocht |
| 6. Een blauwe kamer | In blauwe keamer |
| 7. De mouw van die jas is blauw | De mouwe fan dy jas is blau |
| 8. Geef mij maar vier | Jou my mar fjouwer |
| 9. De dikke man eet rauwe wortels | De grouwe man yt rauwe woartels |
| 10. De bouwvakkers hebben een huis gebouwd | De boufakkers hawwe in hûs boud. |

Oefening: eo of eu

- | | |
|-----------------|--------------|
| 1. heel haastig | gleonhastich |
| 2. zaterdag | sneon |
| 3. fleur | fleur |
| 4. niet storen! | net steure |
| 5. bekeuring | bekeuring |

Oefening

Hân ûnder hannen

bêd	bêden	bedsje	bêdeguod, bedstee
lân	lannen	lantsje	lânkaart, hannelje
rôt	rotten	rotsje	rottekleaster
blêd	blêden	bledsje	bledside
strân	strannen	strantsje	strânwacht
fôle	fôlen	fôltsje	fôleblom

Oefening

Besjoch de folgjende fjouwer sinnen en skriu op wêr't de ferskillen sitte:

- | | |
|--|-----------|
| 1. <u>Der</u> is net ien opdaagjen kaam. | Ned. er |
| 2. Sjoch <u>dêr</u> , yn 'e fierte. | Ned. daar |
| 3. Ik wit net, wêr't <u>er</u> sit. | Ned. hij |
| 4. <u>Hy</u> komt aanst. | Ned. hij |

Besjoch de folgjende fjouwer sinnen en skriu op wêr't de ferskillen sitte:

- | | |
|--|---|
| 1. <u>Wêr</u> is it feest? | Ned. waar. |
| 2. Ik wit net, wêr't it feest is | Ned. waar (= betreklik foarnamwurd) |
| 3. <u>Dêr</u> is it, leau 'k. | Ned. daar |
| 4. De tinte, <u>dêr't</u> it feest doe wie | Ned. Waar (= betreklik foarnamwurd, yn it Frysk altyd 'dêr't' as it weromwiisd nei in wurd dat al neamd is) |

Folje yn: 'der', 'dêr' of 'er'

1. Hat **er der** net om tocht dat **er** komme soe?
2. 'Hjir en **dêr** in bui' sei waarman Pyt Paulusma foar de radio.

- Ik fyn **der** neat oan dat it hieltyd sok suterich waar is.
- Wêr is myn map no wer? **Dêr** ju, sjoch dan ek better!
- Wie **er der** net? Nee, hy hie **der** gjin sin oan.

Folje yn: â of ô

- Yn Damwâld wennet in âld mantsje dat altyd op in prûmke kôget..
- It fôltsje stiet by it hynder op 'e stâl.
- Hy wie der hielendal ôf en de triennen rôlen him oer de wangen.
- Hy hâldt it grutte pak fêst dat Piter hjirhinne tôge hat.
- 'Spanje is it moaiste lân fan 'e wrâld' rôp Sjoukje, 'dêr is it teminsten net sa kâld.

II. TIIDWURDEN

Sterke tiidwurden sûnder 't' yn de notiid. It Frysk hat krekt as it Nederlânsk in tal tiidwurden dy't by de tredde persoan yn de notiid gjin 't' krije.

Oefening: folje yn

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Kinne		Sille	
Ik kin	Ik koe	Ik sil	Ik soe
Do kinst	Do koest	Do silst	Do soest
Hy kin	Hy koe	Hy sil	Hy soe
Wy kinne	Wy koene(n)	Wy sille	Wy soene(n)
	Ik ha kinnen/kind		Ik ha sillen/sild
Moatte		Wolle	
Ik moat	Ik moast	Ik wol	Ik woe
Do moatst	Do moast	Do wolst	Do woest
Hy moat	Hy moast	Hy wol	Hy woe
Wy moatte	Wy moasten	Wy wolle	Wy woene(n)
	Ik ha moatten.		Ik ha wollen/wold
Meie		Kenne	
Ik mei	Ik mocht	Ik ken	Ik koe
Do meist	Do mochtst	Do kenst	Do koest
Hy mei	Hy mocht	Hy ken	Hy koe
Wy meie	Wy mochten	Wy kenne	Wy koene(n)
	Ik ha mocht/meien		Ik ha kennen/kend

IV. YNTERFERINSJES

Oefening

Helje de flaters út de ûndersteande sinnen:

- Ik **hoopje** dat ús mem moarn ek komt.
- Dy lytse **spikerkes** kin ik net goed sjen.
- Der steane twa swarte **skiep** op 'e seedyk.
- It **jonkje** ried op it **brommerke** nei de stêd ta om in **wurdboek** te keapjen.

5. **Achte** bestjoer, hjirby stjoer ik jimme in pûde **kolabearkes**.
6. De **froulju spilen** better as de **manlju**.
7. Soe se al in feesttinte **regele** hawwe?
8. Yn it **lantsje** by it **puoltsje** fûnen wy in nêst mei fjouwer **aikes**.
9. Hy **sakke** troch it iis, lies ik yn de **krante**.

HUSWURK LES 4

Opdracht 1: Stavering

Set oer en folje yn:

- | | | |
|------------------------|--------------------|--------------|
| 1. college van bestuur | 10. wy seagen | 19. wy jouwe |
| 2. eksamen | 11. kontrôle | 20. fertroud |
| 3. pau | 12. miggen fleane | 21. freon |
| 4. fakânsje | 13. wy sjogge | 22. fôle |
| 5. izertried | 14. sân | 23. brechje |
| 6. bern | 15. apen | 24. bêst |
| 7. automonteur | 16. jo binne | 25. grou |
| 8. fjoerfretter | 17. jimme binne | 26. hannen |
| 9. hertslach | 18. jimme wiene(n) | 27. der |

Opdracht 2. Bisten

bist	mantsje	wyfke	jong
ko	bolle	ko	keal
hynder	hynst	merje	fôle
skiep	raam	ei	laam
baarch	bear	sûch	bich
hin	hoanne	hin	pyk
ein	jerke	ein	einepyk

Set oer yn it Nederlânsk

- | | | |
|-------------|-----------|-------------------|
| mosk | zwaluw | vlieg |
| spreeuw | meerkoet | mug |
| kievit | leeuwerik | lieveheersbeestje |
| scholekster | reiger | mier |
| grutto | gans | wesp |
| ooievaar | fuut | pissebed |
| valk | lijster | vlinder |
| uil | specht | bunzing |

Opdracht 3. Ferlytsingswurden: Simmermoarn

Wat bisto leaflik,
Rizende simmermoarn
't Opgeande **sintsje**
laket my oan.
't **Hoantsje** kraait: kûkelû!
't **Doke** ropt: rûkûkû!

't **Ljurkje** yn 'e wolken,
d' **eintsjes** yn 't lizich' wiet,
moskjes en **sweltsjes**,
Elts sjongt syn liet:
De ea'barren klapperje;
ljiptes wjukwapperje;

Ik wol ek sjonge,
Fleurich fan toan.

Skries op 'e hikke,
Ropt: grito – griet!

Alles wat libbet
Docht der no sines by:
fôltsjes en **kealtsjes**,
Hynders en kij;
guoskes dy snetterje
skiepkjes dy bletterje,
lamkes dy springe,
Nuvere blij.

'k Woe foar gjin euro
Dat 'k jit² te sliepen lei,
't Is my sa noflik,
Ier op 'e dei.
Protters dy tsjotterje,
De eksters dy skatterje,
Alles is fleurich:
Ik bin it mei.

Opdracht 4. Tiidwurden

Folje it skema yn:

Persoan(en) en tiidwurd	Notiid	Doetiid	Mulwurd
Jimme (dwaan)	Jimme dogge	Jimme diene(n)	Jimme hawwe dien
1. Ik (sjen)	Ik sjoch	Ik seach	Ik ha(w) sjoen
2. Do (komme)	Do komst	Do kaamst	Do bist kommen/komd
3. Hy (wêze)	Hy is	Hy wie	Hy hat west
4. Sy (wurde)	Sy wurdt	Sy waard	Sy is wurden
5. It (wolle)	It wol	It woe	It hat wollen/wold
6. Jo (kinne)	Jo kinne	Jo koene(n)	Jo hawwe kinnen/kind
7. Wy (dwaan)	Wy dogge	Wy diene(n)	Wy hawwe dien
8. Jo (wêze)	Jo binne	Jo wiene(n)	Jo hawwe west
9. Do (moatte)	Do moast	Do moast	Do hast moatten
10. Jimme (sjen)	Jimme sjogge	Jimme seagen	Jimme hawwe sjoen

ANTWURDEN LES 5

I. Staving

Oefening

Wurd	Meartal	Ferlytsingswurd	Gearstalling/ôflieding
jier	jierren	jierke	jierdei
roas	roazen	roaske	roazetún
foet	fuotten	fuotsje	fuottebankje
earm	earmen/earms	earmke	earmtakke
doaze	doazen	doaske	blokkedoaze
sleat	sleatten	sleatsje	sleatswâl
kiel	kielen	kieltsje	kielsgat
tean	teannen	teantsje	teanneil
tried	trieden	triedsje	trieddeboel
fear	fearren	fearke	fearkrêft
skoech	skuon	skoechje/skuontsje	skuonmakker
ear	earen	earke	earbel
keal	keallen	kealtsje	keallepoat
doar	doarren	doarke	bûtendoar
boerd	buorden	buordsje	buordpapier
keamer	keamers	keammerke	keamersdoar
toer	tuorren	tuorke	tuorkemjitter

Nb. By gearstalling binne ek oare mooglikheden

Oefening

1. triennen kjeld
2. boarre buorman strjitte deariden
3. geane tegearre tsjerke doarp
4. stoarm earjuster tsien beamkes
5. skoalle soad boartersguod boargemaster
6. moatst foarken boarden
7. hjerst beammen hieltyd kealer
8. ljedder boarre boar muorre
9. langtriedderige learaar duorren fierstente
10. sliep dreamde moanne oan keatsen wie

II. Tiidwurden

Sizze

Ik sis ik sei
 Do seist do seist
 Hy seit hy sei
 Wy sizze wy seine(n)
 Ik haw sein

laitsje

ik laitsje ik lake
 do lakest do lakest
 hy laket hy lake
 wy laitsje wy laken
 ik haw lake

feie

ik fei ik fage
 do fagest do fagest
 hy faget hy fage
 wy feie wy fagen
 ik haw fage

III. Taalregel: Ferhâldingswurden

Oefening

Dat valt mee	Tot (aan) de knieën
Dat valt tegen	Ondanks
Ik ga naar bed	Hij loopt de trap af
Uit bed komen, opstaan	Zin hebben in
Binnenkomen	Kom je beneden / boven?
Vijf keer per jaar	Naar beneden / boven
Daar komt het wel op neer	Zij loopt langs het water
Ik kijk uit het raam	Het water loopt uit de schoenen
Tot ziens	Daar heb je gelijk in
Ik zoek naar mijn boek	Vanaf negen uur
Omstreeks Kerst	Hij zit tegenover mij
In huis	In brand
Daar kan ik niet tegen	Via Leeuwarden rijden

IV. Ynterferinsjes

1. Wy wenje op in pleats ticht by it doarp.
2. Dat is tûk, snoad, knap betocht.
3. Doe't de jonges him pleagen, waard Durk liik.
4. Hy kin net oer krytk.
5. Om tsien oere geane wy op bêd.
6. Ik besykje op 'e tiid te kommen.
7. No moatte jimme ris goed nei my harkje.
8. Dat docht sear, hear.
9. Ik ha sin oan 'e fakânsje.
10. Der wiene in protte/soad minsken by it toanielstik.

Oefening: gean, bliuwe en komme

1. Hy sil in nije jas keapje.
2. Do bliuwst dochts te iten, ast komst? Bliuwsto ek te iten, ast komst?
3. It friest de hiele dei troch. It friezen hâldt de hiele dei mar oan.
4. Komsto moarn by my te iten?
5. Bliuw rêstich noch efkes sitten.
6. It sil aanst wer reine. It wol aanst wer reine. It begjint aanst wer te reinen.
7. Giesto mei te boadskipjen?
8. Nei it iten gongen/ giene(n) sy (út) te fytsen.
9. Ik wol myn hiele libben yn it bûtenlân wenjen bliuwe.
10. Groep 5 begjint te rekkenjen. Groep 5 sil rekkenje.
11. Hoe lang bliuwe jimme by ús útfanhûs?
12. Ik gean op bêd lizzen en dan sil ik fjirtjin dagen lêze.
13. Sy kamen (om) te sjen hoe't de nije bank der út seach.
14. Maaike seurt mar troch oer in kavia.
15. Wy moasten dat ris ûndersykje.

HUSWURK LES 5

Opdracht 1: Brekking

Wurd	Meartal	Ferlytsingswurd	Gearstalling, ôflieding
dream	dreamen	dreamke	dreamelân
hier (haar) (huur)	hierren hier	hierke hierke	hierbân hierferheging
diel	dielen	dieltsje	dielgenoat
blier	blierren	blierke	blierkop
boar	boaren	boarke	boarje
soan	soannen	soantsje	skoansoan
spoar	spoaren	spoarke	spoarbrêge
boer	boeren	boerke	buorkje
fjoer	fjoeren/fjurren	fjoerke/fjurke	fjoeroanstekker
goes	guozzen	guoske	guozzenêst
broer	bruorren broers	bruorke broerke	healbroer
koer	kuorren	kuorke	kuorbalje
hoed	huodden	huodsje	huoddedoaze
sleat	sleatten	sleatsje	sleatswâl
peal	peallen	pealtsje	lantearnepeal

Nb. By gearstalling binne ek oare mooglikheden

Opdracht 2. Blommen en beammen. Set oer yn it Nederlânsk

madeliefje	sneeuwkllokje	eik
paardenbloem	crocus	den
biggenkruid	narcis	spar
boterbloem	hortensia	berk
pinksterbloem	fuchsia	wilg
witte klaver	lijsterbes	vlier
rode klaver	bramen	lindeboom
speenkruid	meidoorn	beuk
hondsdrif	waterlelie	es
brandnetel	zwanenbloem	iep
distel	lisdodde	sering
herderstasje	blad van de paardenbloem	
dovenetel	zuring	

Opdracht 3. Folje it goede ferhâldingswurd yn

- Ik gean **op** de fyts **nei** skoalle ta.
- Marike wachtet **op** it stasjon **op** de lêste trein.
- Sytske stie **oan** 'e knibbels **ta** yn it wetter.
- Ik haw sin **oan** de fakânsje.
- Jan siet **by** de tafel **ta** it rût út te sjen.
- Giesto ek mei **nei** de film?

7. It feest begjint **foar / nei** tsienen.
8. Sy stiet **foar / achter / efter** it hûs, **op** de treppen de goaten te fervjen.
9. Henk siet **yn** it restaurant **foar** my **oer** te iten. (tegenover mij)
10. De resepsje is **fan** njoggen oere **ôf**.
11. **Om** krystiid **hinne** leit der hiel faak snie. (omstreeks)
12. **Ta** myn spyt haw ik de les net leard.
13. It falt my **ta** dat ik al safolle Fryske wurden út 'e holle kin. (mee)
14. Ik kin moarns net sa goed **fan** 't bêd **ôf** komme.
15. Dyn guod leit **ûnder** de treppen. (beneden).

Opdracht 5. Folje it ûntbrekkende tiidwurd yn

Tiidwurd	Notiid	Doetiid	Mulwurd
1.skriuwe	ik skriuw	ik skreau	ik ha skreaun
2.meitsje	do makkest	do makkest	do hast makke
3.nimme	hy nimt	hy naam	hy hat nommen, naam
4.waskje	wy waskje	wy wosken	wy hawwe wosken
5.ite	jimme ite	jimme ieten	jimme hawwe iten
6.winne	jo winne	jo wûnen	jo hawwe wûn
7.itsiede	ik sied it iten/ itsied	ik sea it iten/ itensea	ik ha itensean
8.hingje	hy hinget	hy hong	hy hat hongen

Opdracht 6. Set de sinnen oer yn it Frysk

1. Mem kaam (om) te sjen oft ik myn hús wurk al makke hie.
2. Doe't ik fiskje woe, seach ik myn angel nearne.
3. Yn it wykein komt ús neef by ús útfanhûs.
4. As it dan mar net sa lang troch reint as hjoed. As it reinen dan mar net sa lang oanhâldt as hjoed.
5. It buorfamke komt jûn (om) by ús te hús warjen/ by ús op te passen.
6. Om tolve oere sille wy ite/ begjinne wy te iten/ ite wy.
7. Jimme moatte net sa trochseure, jonges.
8. It sil/wol anst grif reine, de loft berint./It begjint anst grif te reinen.
9. De bern boartsje (gewoan) troch bûten, ek al begjint it te friezen.
10. Wy geane troch, wat se ek fan ús sizze. Wy hâlde oan/ sette troch, wat se ek fan ús sizze.
11. Hy kaam gau oanrinnen, doe't er my seach.
12. Sjoch dyn wurk earst goed nei, ear'tst/ foardatst it ynleverest.
13. Nei skoaltiid gongen/giene(n) de bern te reedriden op de iisbaan.
14. Hy frege my, hoelang't it noch duorje soe, ear't/ foardat ik kaam.
15. Ik gean mar wat sitten te lêzen.

ANTWURDEN LES 6

I. Staving

Oefening

- | | | |
|-------------|------------------|-------------------|
| 1. frij | 6. It reint | 11. klaaie |
| 2. draaie | 7. neil | 12. kleie |
| 3. brij | 8. dei | 13. ik mei mei |
| 4. it snijt | 9. daai | 14. nijjiersmoarn |
| 5. nij | 10. skeinspruten | 15. trijesprong |

Oefening

1. Yn it drokke ferkear moatst goed stjoere, want oars komt it op 'e kop ferkeard.
2. It wie in hiele toer om ûnder dy natuer/natoerkuier it krekke spoar te finen.
3. Hy sloech in nuver figuer, doe't er op it sjongkoar twa noaten te heech song.
4. Om tsien oere jûns woe sy net langer mear foar de toets leare.
5. Ik hoopje dat ik moarn yn it buertsintrum swiete en soere suertsjes útdiele mei.

II. Tiidwurden

Bergje	ik bergje	ik burch	ik ha(w) burgen
Fine	do fynst	do fûnst	do hast fûn
Lêze	hy lêst	hy lies	hy hat lêzen
Brekke	wy brekke	wy brieken/brutsen	wy ha(wwe) brutsen
Bite	jimme bite	jimme bieten	jimme ha(wwe) biten
Bringe	ik bring	ik brocht	ik ha(w) brocht
Sykje	do sikest	do sochtst	do hast socht
Bliuwe	hy bliuwt	hy bleau	hy is bleaun
Lûke	wy lûke	wy loeken/lutsen	wy ha(wwe) lutsen
Komme	jo komme	jo kamen	jo binne kommen/komd/kaam

III. Taalregel: Betreklike en oanwizende foarnamwurden, bynwurden

Betreklike foarnamwurden

- A.
1. De stuollen, dy't ik by de tafel setten ha, binne read.
 2. It kastke, dat yn 'e hoeke stiet, ha ik fan ús mem krigen.
 3. De kat is fuortrûn, wat ik wol tocht hie.
 4. Sytske, foar wa't ik ynfallen ha, is no wer better.
- B.
1. De frou dy't de lessen jout, is siik.
 2. Freegje it mar oan dy man.
 3. Wa wit de antwurden noch?
 4. De minsken dy't dat dogge, moatte it sels mar witte.
 5. Wa't it kin, mei it sels dwaan.
 6. Dy jonge hat it net foarlêzen.
 7. Oan wa sil ik dizze fraach ris stelle?
 8. Foar wa't net kofje mei, is der tee.

Oanwizende foarnamwurden

1. Dat
2. dizze
3. hjir / dêr (kinne beide, hinget fan de kontekst ôf)
4. Dit
5. dy
6. Dêr

Bynwurden

- | | | | |
|----|----------|----|--------|
| A. | 1. wêr't | B. | 1. oft |
| | 2. dêr't | | 2. of |
| | 3. Wêr't | | 3. As |
| | 4. dêr't | | 4. oft |
| | 5. wêr't | | 5. As |

- C.
1. It is krekt oft wy hieltyd letter begjinne.
 2. No't elkenien sit, wol ik efkes wat sizze.
 3. Sa't it der no foarstiet, slagget it net om it wurk op 'e tiid klear/ôf te krijen.
 4. It feestje gong/gie net troch, om't / omdat der fuotbal op 'e tillevyzje/televyzje wie.
 5. Doesto/ Doe'tsto jild hellest, ha ik wachtsje moatten.

IV. Ynterferinsjes

Oefening

1. Hy sei, dat er de boadskippen fan 'e middei helje soe.
2. It is wol wis dat hy in rede hâlde sil.
3. Hja seach om har hinne, wêr't hja de skjirre lizze litten hie.
4. By de brike setten fan de lytse jonge koene de minsken it laitsjen net litte.
5. Ik soe wol begjinne wolle, mar de oaren binne der noch net.
6. Moarn sil ik jo wol sizze kinne, oft ús reis trochgiet.
7. Ik haw it mar gewurde litten.
8. De lêste ljippen binne no ek nei it suden ôfset.
9. Wy hawwe de lêste blommen yn 'e tún stean litten.
10. Heit sei, dat Jan it net wer dwaan moast.
11. By de sânreed lâns fjouweren de ruters.
12. De beammen steane by de feart lâns.
13. Jimme moatte allegearre mar sitten gean, sei ús gasthear.

Set oer

1. Hy fertsjinnet goed € 2.000,- yn 'e moanne.
2. Wy giene(n)/ gongen yn 'e hús, doe't it begûn te reinen.
3. It duorre lang ear't/ foardat ik yn 'e sliep foel.
4. De jonge wie hielendal fan 'e wize/fan it sintrum/ fan it hynder, doe't syn fyts stellen wie.
5. Gean ris wat oan 'e kant, men kin der sa net lâns.

HUSWURK LES 6

Opdracht 1. Set de Nederlânske wurden yn it Frysk oer

1. deeg	De bakker brûkt daai
2. sleuteltje	Wêr is it kaike ?
3. schatten	Ik rûs / roai it tal minsken op likernôch/ om ende by achttjin
4. schroeiplek	In skroeiplak
5. bodem	De boaiem fan de put
6. mooi	It moaie boek
7. spijten	It muoit my tige
8. proeven	Ik priuw sâlt
9. schrijven	Ik skreau him ferline wike in lange brief
10. vriend	Myn freon Leo
11. leeuw	In liuw is de kening ûnder de bisten
12. kunst	Dat is de keunst
13. beurs	Heit, wêr is myn beurs ?
14. strooien	Wy struie mei jild
15. zaterdag	Ofrûne sneon

Opdracht 2. Waar. Set oer yn it Nederlânsk

zonnig weer	drukkend, benauwd weer	drukkend, benauwd
onweer	bliksemen	donderen, onweren
motregen	het regent zachtjes	een regenbuitje (bij wind)
het giet, stortregent	het giet, stortregent	neerslag
de vorst	het dooit	de wind wakkert aan
het is winderig	een wervelwind	een koele wind
een windvlaag, rukwind	de nevel	het is grijs, grauw weer

Opdracht 3

1. reine	it reint	it reinde	it hat reind
2. snije	it snijt	it snijde	it hat snijd
3. hagelje	it hagelet	it hagele	it hat hagele
4. frieze	it friest	it frear	it hat ferzen
5. izelje	it izelet	it izele	it hat izele
6. teie	it teit	it teide	it hat teid
7. tongerje	it tongeret	it tongere	it hat tongere
8. wjerljochtsje	it wjerljochtet	it wjerljochte	it hat wjerljochte

Opdracht 5

1. Wy wiene efkes stean bleaun.
2. Ik koe him dúdlik sykheljen hearre.
3. Soesto dat dêr efkes ferbetterje wolle?
4. Wy hiene better op dat plak stean bliuwe kinnen/kind.
5. Wy moasten mar ris komme te sjen.
6. Ik miende dat ik dêr bliuwe moatten hawwe soe.
7. Hy sil dêr grif wenjen bliuwe wolle.
8. Ik wit net oft dy dyk noch oanlein wurde sil.
9. Do hiest him ris sjongen hearre moatten.
10. Om in doelpunt meitsje te kinnen, moatto hurd drave kinne.

ANTWURDEN LES 7

I. Stavering

Oefening

boekekast	krantebesoarger
brievebus	sikehûs
pinnebakje	bernespultsje
toskedokter	hûnehok
bisteboel	keallepoat

In pear fragen:

1. hynstestâl
2. boartersguod
3. iterstiid, itenstiid
4. doarpsstrjitte
5. beamwâl
6. skoalplein
7. *yn linnenguod* stiet wol in n omdat dy by linnen heart. It is gjin ferbinings n.

Oefening

1. Midden yn 'e nacht waard er wakker.
2. Sy antwurde dat se har fersind hie.
3. Har antwurd biedt nije mooglikheden.
4. Us omke breide in katoenen fest.
5. It âlde baaske wurdt hurd knipt en skeard.

Oefening

1. Kees en Grytsje soene mei it fleantúch nei Amearika.
2. Kees naam earst tillefoanysk kontakt op mei it reisburo.
3. Grytsje hie in soad niget oan 'e âlde kultueren fan 'e Amerikaanske folken.
4. Sy hie der in serieuze stúdzje fan makke.
5. Kees wie mear in aventurier.
6. De Feriene Steaten fan Amearika wiene sadwaande o sa geskikt om hinne te gean.
7. Nei de Yndianen ta, like Kees wol aventuerlik (aventoerlik) en Grytsje koe de seremoanjes en symboalen fan de Yndiaanske kultuer bestudearje.
8. Benammen de symbolyk, dy't de Yndianen yn harren toatempeallen brûkten, fûn se tige nijsgjirrich.
9. Nei sa'n Amerikaanske reis, woe Kees in oar jier wolris nei Sibearje ta.
10. It wie in harmoanysk houlik, dat tusken Kees en Grytsje.

Oefening

teology	tee	termosflesse	termometer
mediateek	diskoteek	hypoteek	

Oefening

sympaty	etyk	eter	teater	autentyk
---------	------	------	--------	----------

Oefening

patiënt	pasjint	cliënt	kliïnt
president	presidint	intentie	yntinsje
centrum	sintrum	consequent	konsekwint
telelens	telelins	absent	absint
concurrent	konkurrint	cent	sint
cement	semint	immens	ymmins

II. Tiidwurden

Ik begjin	ik begûn	ik bin begûn
Do strykst	do striekst/ strutst	do hast strutsen
Hy glydt	hy glied	hy is gliden
Wy sitte	wy sieten	wy hawwe sitten
Jimme hingje	jimme hongen	jimme ha(wwe) hongen
Ik sjong	ik song	ik ha(w) songen
Do ferjitst	do fergeatst	do hast fergetten
Hy triuwt	hy treau	hy hat treaun
Wy rûke	wy roeken/ rûkten	wy ha(wwe) rûkt
Jo hâlde	jo holden / hâlden	jo ha(wwe) holden, hâlden

III. Taalregel. Graadbûging

<i>Grûntrep</i>	<i>fergrutsjende trep</i>	<i>oertreffende trep</i>
Blau	blauwer	blaust
Bryk	briker	brykst
Goed	better	bêst
Skjin	skjinder/skjinner	skjinst
Folle	mear	meast
Fol	folder/foller	folst
Moai	moaier	moaist
Ier	earder/ierder	earst
Wyt	witer	wytst
Graach	leaver	leafst
Let	letter	lêst
Hurd	hurder	hurdst
Kâld	kâlder	kâldst
Leaf	leaver	leafst
Mânsk	mânsker	meast mânsk

IV. Ynterferinsjes

1. Master en juffrou binne beide siik.
2. Wy sille hjoed in rûntepetear hâlde.
3. De learkrêften hawwe har foech wol, mar dogge net folle oan it Frysk.
4. In beukerjuf moat goed mei lytse bern omgean kinne.
5. Dy liedster mei graach mei tearbledsjes wurkje en op it boerd tekenje.
6. Sy lit de beukers yn it boartersskoft/ boarterskertier/ frij kertier bûten boartsje.
7. De peuters geane by ús nei it pjutteboartersplak.

8. Yn 'e hjerstfakânsje en foarjiersfakânsje bliuwe wy thús.
9. De âlderkommisje en de âlderrie hawwe neat te krijen mei it opnamebeleid.
10. Moat der in âlderbydrage komme foar it skoalswimmen?
11. Us Pyt giet nei in iepenbiere skoalle foar fuortset ûnderwiis.
12. By groepswurk giet it benammen om it gearwurkjen.
13. De bern krigen iisfrij en gongen dy middeis te reedriden op de grutte feart.
14. No moatte jimme ris goed nei my harkje.
15. Oare / nije / takom wike hawwe wy gymnastyk op it fjild.
16. It proefwurk wie slim dreech/ lestich (hiel / tige slim), hast gjinien hie in foldwaande.
17. De juf sil in ferhaal oer Tomke foarlêze.
18. By skiednis giet it net allinne oer tiidbalken.
19. By ierdrykskunde hawwe wy it hân oer ferfersmooglikheden.
20. Moatte jimme foar skoalle ek yn 'e rige stean?
21. De itensiedersles is net yn it nifellokaal.
22. Mei Krysttyd is it altyd drok op us skoalle.
23. Yn / Under de rekkenles besocht de juf de bern wat nijs te learen.
24. De learaar seurt mar troch oer de minne resultaten dy't in protte /soad bern helle hiene(n)..
25. Wy hâlde no mar op mei dizze drege / lestige / slimme sinnen.

HUSWURK LES 7

Opdracht 1: Wat is goed skreaun?

1. a. sigeuner
2. b. fierder
3. a. lúsjefersdoaske
4. b. maaie
5. a. ivichheid
6. a. freondinne
7. a. parapsycholooch
8. a. hûnderten
9. a. ealjebij
10. a. sekuer
11. b. kninen
12. a. brechje

Opdracht 2: Set oer yn it Frysk

- | | |
|--------------------|---------------------------|
| 1. antikwariaat | 7. toanielselskip |
| 2. famylje | 8. biblioteek / bibleteek |
| 3. kompjûter | 9. ljirre |
| 4. nau strjitsje | 10. foarbyld |
| 5. bern | 11. fôltsje |
| 6. differinsjaasje | 12. konsekwinsje |

Opdracht 3. Tsjinstellingen

- | | |
|-----------|-----------------------|
| 1. gewoan | nuver, frjemd |
| 2. plat | hobbelich, heech, rûn |

3. in lyts bytsje	in hiele protte
4. withoefier	ticht, deun, fuort by
5. himmel	smoarch, suterich
6. betelle fuotbal	amateur fuotbal
7. frije tiid	wurk
8. ynskriuwe	útskriuwe, skrasse
9. in poepetoer	in makje
10. âldfrinzich	nijmoadrich, modern
11. ferbiede	tastean
12. argewaasje	nocht, wille

Opdracht 5. Ferbetterje de flaters

1. sykheljen
2. gappe / hapte nei de siken
3. pisje
4. blieden
5. wurd / bin kâld
6. steksjoch / steksjogg(er)ich
7. sûn
8. wrede /stribb(el)ige
9. swier
10. wynbrauwen, eachteisters

1. Sil ik dat stikje bôle mei ljerre mar opite?
2. Helje mar in pún kowelapkes.
3. Myn âld itensiedersboek is hast te'n ein.
4. Foar it bakken fan in cake/keek moat men aaiklopje.
5. Sil ik dyn kofje efkes / even riere?
6. Wy hiene it miel samar beslikke, behimmele
7. Yt lekker!
8. Meisto ek sa graach toarnbeiesjem?
9. Snijde bôle keapje.
10. Yn de supermerk keapje ik in flesse sûpe, in pakje boerebûter en in pot nûtsjesmoar.

ANTWURDEN LES 8

I. Stavering

Oefening

aristocratie	aristokrazy	illusie	yllúzje	academie	akademy
regie	rezjy / regy	taxi	taksy	conclusie	konklúzje
potentieel	potinsjeel	prestige	prestiizje	medaille	medalje
champignon	sjampinjon	prestatie	prestaasje	situatie	situaasje
college	kolleezje	compagnon	kompanjon	advertentie	advertinsje
horloge	horloazje	vakantie	fakânsje	religie	religy
officieel	offisjeel	stage	staazje	discussie	diskusje
televisie	televyzje	campagne	kampanje	differentiatie	differinsjaasje

Oefening

interessant	ynteressant	psycholoog	psycholooch
pedagogisch	pedagogysk	invalide	ynfalide
pyromaan	pyromaan	typisch	typysk
telepatie	telepaty	interpunctie	ynterpunksje
irrigatie	yrrigaasje	interieur	ynterieur
didactiek	didaktyk	subtiel	subtyl

Oefening

-ief	alternatyf, kreatyf	-iek	komyk, unyk
-iel	subtyl	-iem	anonym
-ien	klandestyn	-iep	stereotyp
-iet	parasyt	-ijn	magazyn

Oefening

bureau	buro	bougie	bûzjy
journalist	sjoernalist	niveau	nivo
bouillon	bûljon	route	rûte
coureur	koereur	boutique	bûtyk
tournee	toerne	courgette	koerzjette
couveuse	kûveuze	couplet	kûplet

Oefening

1. primêr	2. krêm	3. elitêr	4. autoritêr	5. punêze
6. sirkulêre	7. ampêre	8. flêr	9. militêr	10. sêre

Oefening

1. kûveuze	2. analyze	3. synteze	4. narkoaze	5. remize
6. hypoteze	7. diagnoaze	8. ekspertize		

II. Tiidwurden

Oefening

A. Set yn de notiid

1. docht	2. giet	3. kleuret	4. klinke
5. makket	6. roasteret	7. jouwe	8. sikest
9. freget	10. kin	11. seit	12. glimket
13. tinkt	14. sjocht	15. dreamt	

B. Set yn de doetiid

16. sieten	17. harken	18. ferliet	19. stiek / stuts
20. waard	21. beklommen	22. gongen/ giene(n)	23. rieden
24. kamen	25. ophâlde/ophold	26. seach	27. wie
28. reparearre	29. sette	30. begûn	

C. Set de tiidwurden yn de mulwurdsfoarm

31. folge	32. útkommen /komd/kaam	33. dreau	34. oerstutsen
35. ynklommen	36. ferteld	37. besocht	38. slagge
39. fuortjage	40. makke	41. riden	42. sjoen
43. ynsletten /ynsluten	44. kromlutsen	45. rûgele	

D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarmen oer yn de goede Fryske foarm en tiid.

1. flein
2. witst
3. treaunen/ treauwen
4. harket
5. fergeatsto

III. Ynterferinsjes

Oefening

1. Folle lok en seine / In protte/soad lok en seine
2. Yt lekker
3. Sliep lekker
4. Goeiendei De Jong en frou De Vries
5. Mem, wit mem ek wêr't mem it boek dellein hat?
6. Pake, kin pake my efkes helpe?
7. It is mei Maaïke v.d. Velde.
8. Sy hawwe it drok en binne moarns ier en betiid al yn 'e baan/ yn 't spier / warber.
9. By it hûs stiet in buordsje mei 'Tagong ferbean'.
10. It is yn kalk en semint / It is yn tichte fetten.

Ferbetterje de sinnen.

1. Ik bin grutsk op ús dochter/famke, sei mem.
2. Us Klaas sil nije wike op fakânsje.
3. Wy geane sneon in dei nei ús pake-en-dy yn Drachten.
4. Moarn sil ús buorman mei de frou en de bern nei Kanada.
5. Moatst Hindrik net fertrouwe, hy hat se efter de earmtakken.
6. Jan foel op 'e snút en hie in tosk troch de lippe.
7. Gjinniget, dat de triennen him út de eagen rûnen.
8. Ik ha my op 'e tomme slein.

HUSWURKLES 8

Opdracht 3. Ynterferinsjes. Set oer yn it Frysk

1. Sy sille trouwe.
2. Wy diene(n) oars net as wachtsjen.
3. Hy bliuwt in healoere te praten. Hy praat in healoere troch.
4. Ik sil jimme in ferhaal fertelle.
5. Hy skelt mar troch.
6. Hy komt moarn (om) te skilderjen/ te fervjen.
7. Gean mar nei bûten ta te boartsjen.
8. Lytse bern seure soms mar troch. Lytse bern hâlde soms mar oan mei seuren.
9. It sil/ wol reine. It begjint te reinen.
10. Oare / Nije / Takom wike sille wy út te iten.

Les 9: Proeftoets

1. Diktee

1. Foar de twadde kear waard Sjoerd yn in djippe tunnel mei de muzyk en kleuren sûge.
2. It duorre net lang of hy seach it wite ljocht oan 'e ein.
3. Doe't er hast by it ljocht wie, makke er him sa lyts mooglik, de fuotten hielendal ynluetsen en de earmen om de holle teard.
4. Hy kaam op in heap blêden telâne oan de râne fan in bosk.
5. De beammen joegen in driigjende sfear.
6. Fan in protte misten de tûken ôf, guon wiene omwaaid.
7. Dêr't de bosk ophâlde, lei in stik greide mei kij dy't gers ieten.
8. Fierderop wiene hege bergen mei ûngewoane foarmen, der sieten nuvere útsteksels oan en grouwe gatten yn.
9. "Hoi", hearde er ynienen in stimke nêst him.
10. Syn lytse buorfamke siet op 'e grûn.

2. Staveringsflaters

1. liuw = leau grauwe = grouwe trochseachje = trochseagje
2. journalist = sjoernalist nog = noch verslach = ferslach maitsje = meitsje
neie = nije lânbouwbelied = lânboubelied
3. snobbersgoud = snobbersguod treie = trije brúne = brune bôle = bôle
tsies = tsiis opskreaboekje = opskriuwboekje rêgsek = rêchsek
4. alinne = allinne bagage = bagaazje oele = ûle station = stasjon
wêrt = wêr't treie = trije fjouer = fjouwer fyne = fine
5. wurd = wurdt midzjes = middeis jelve = healwei skwalle = skoalle
ferwachtte = ferwachte

3. Frjemde wurden

- | | | | |
|--------------------|--------------|---------------|--------------------|
| 1. kado | 4. kultuer | 7. rûte | 10. ynternasjonaal |
| 2. differinsjaasje | 5. subsydzje | 8. sjef | |
| 3. tema | 6. ekstra | 9. pedagogysk | |

4. Staveringsregels

1. Regel fan y / ii / ie / i

	sletten wurdlied	iepen wurdlied	ein wurd
koart ienlûd: y/i	y	i	y
lang ienlûd: ii/i	ii	i	komt net foar
twalûd: ie	ie	ie	ie

2. Barchje is in lytse baarch, want ferlytsingswurden krije altyd ch
Bargje is grieme, it is in tiidwurd, want tiidwurden krije altyd g

5. Tiidwurden

1. fynt

- 2. steane glimkje
- 3. giet
- 4. draait sit
- 5. sjochst sjoen wurdst seit laket
- 6. hast ûntdutsen
- 7. wist hiet
- 8. witst docht
- 9. Begrypst lit
- 10. skodhollet

- 11. hie oertsjûge
- 12. bleau
- 13. koe
- 14. krige/ kriich
- 15. dreamde ferdwûn lake

6. Tiidwurdsfolchoarder

- 1. hopet makke hat
- 2. sil hingjen bliuwe moatte
- 3. meitsje te kinnen moatst
- 4. tinke dwaan kinnen/ kind hie

7. Ynterferinsjes

- 1. learkrachten = learkrêften hun = har befoegdheid = foech
praktijk = praktyk Frysk = Frysk
- 2. Folgende = Oare / nije / takom maand = moanne
simmerfakantsy = simmerfakânsje geane sy trouwen = sille sy trouwe
- 3. Myn mem = Us mem bliuwt mar seuren = seurt mar troch
steeds = hieltyd / hieltiten nei bêd = op bêd
- 4. It falt my mei = It falt my ta skaatsen = reedriden ijs = iis
sakt = sakke
- 5. Folle minsken = In protte/ soad probearje = besykje
foetbalwedstrijd = fuotbalwedstriid

8. Ynterferinsjes

- 1. Neffens my kinste net sa goed oer al dat leven / lawaai by de buorlju.
- 2. Under de tongblierkrisis stie by de pleats in buordsje mei tagong ferbean.
- 3. Klaas komt moarns betiid fan 't bêd ôf, om't / omdat er foar it moarnsiten / moarnsbrochje de hûn noch útlitte moat.
- 4. It ankel, dêr't it ferbân om siet, die ôfgryslke sear.
- 5. Ferline wike bin ik op de merke myn kaaien kwytrekke / ha(w) ik myn kaaien weibrocht.

9. Taaleigen

- 1. skiep skiep skiepke
- 2. stoel stuollen stuoltsje

3. tonge	tongen	tonkje
4. faam	fammen	famke
5. lân	lannen	lantsje
6. finger	fingers	fingerke

10.Skriuwe

Skriuw in briefke nei de âlden oer de sportdei dy't holden wurde sil en dêr't âlden by nedich binne foar de organisaasje (± 100 wurden).